

Menno syn meesterwurk

Al sa faak nei Sélân west, al sa faak ûnderweis tocht: dêr wol ik nochris sjen. En dan ha wy it oer Bergen Op Zoom en Rilland Bad. Rilland Bad om 't myn omke dêr yn '14-'18 yn tsjinst lein hat en as motorordenans nei Bergen Op Zoom moast mei in riem fol 'veldflessen' om drank te heljen. De ferhalen deroer waarden eltse jierdei moaier. Bergen Op Zoom om't ús eigen Menno van Coehoorn der foar bêst opslein hat.

Rilland Bad ha wy lizze litten, komt faaks letter noch, Bergen op Zoom net. Dat wie fuortdaliks raak. De stêd hat in Markiezenhof, in skitterend museum, mar by 'markies' moatte jo dochts altiten tinke oan Markies de Canteclaer út de Bommelstrip, mei syn 'fi donc' en 'parbleu', mei oare wurden: jo moatte jo ynhâlde, oars begjinne jo de spot te driuwen mei markiezen en tinke jo al gau dat se allinne foarkomme yn strips en operettes.

It earste skot wie direkt in einfûgel. We stapten de grutte Sint Gertrudistsjerke binnen – earst katholyk, doe herfoarmd, wer katholyk en no neat mear, op konserten nei – lieten it wurd “Menno van Coehoorn” falle en de gids sei dat der stiennen fan 'syn' tsjerke brûkt wienen troch Menno foar de fersteviging en restauraasje fan de ravelijnen, de bolwurken.

Bergen op Zoom wie Menno syn lêste megaklus. Fan 1698 oant en mei 1713 is der oan wurke yn opdracht fan de Raad van State, want dy hie al ridlik gau yn it snotsje dat de wurden fan Menno wier wienen: 'Ik alle heb bevonden in een desolate staat te wezen.' Der waard 2,6 miljoen gûne foar útlutsen, mar doe't klear wie, wie de festing ek likegoed as 'onneembaar'.

Menno van Coehoorn is sprekend opfierd yn “Op de Tuolle Utbred,” mar dat wie yn 1945. No kin men him noch sjen en hearre yn it Markiezenhof, wêr't de regisseur Peter Hermans him mei in weeldrich bosk hier delset en him sizze lit: “Dit is mijn meesterwerk, als ik zo vrij mag zijn.” Hermans hâldt as Menno in hiel ferhaal.

It 'meesterwerk' hat hy sels net mear ôfmeitsje kinnen. Menno ferstoar yn 1704 en de festing Bergen Op Zoom, ûnderdiel fan de West-Brabantse Waterlinie, waard njoggen jier letter oplevere. Opmerkelijk is dat flak nei syn dea de koersen op de Amsterdamske Beurs in flinke optater krigen. Tinkris ta: in Wikelder dy't yn steat is en lit de AEX kelderje troch oars net te dwaan as de fuotten rjochtút te stekken..... Yn Bergen Op Zoom, in plak mei in moaie Grote Markt, binne twa

strjitten nei Menno van Coehoorn neamd, de padfinderij draacht ek syn namme en in hoart lyn is der yn in túntsje in yndrukwekkend stelsel fan gangen fûn, makke nei tekeningen fan de man dy't der sa kreas byleit yn de Vaste Burchtkerk.

Behalve dat Menno van Coehoorn de maaibeam misrûn, koe hy ek gjin gefolch jaan oan de útnoeging fan stêdhâlder-kening Willem 111 om nei Ingelân te kommen. Hy hie it te drok mei Bergen op Zoom en syn schnabbel Nijmegen, hy stie 'voor de grootste uitdaging in zijn leven'. Mei oare wurde: muoite mear as wurdich om even in slach troch de buorren fan Bergen Op Zoom te meitsjen.



Menno van Coehoorn

Willem Stegenga



it embleem fan de padfinderij